

Les 10

Programma les 10

1. It programma foar les 10 wurdt omparte. Ynlevere of opstjoerde lesmatriksen en/of skôgings wurde weromjûn en besprutsen. De kursisten kinne se taljochtsje. Meinommen learmiddels en/of eftergrûnmateriaal wurde besjoen en taljochte.

Opdracht (± 20 min.):

Foarmje groepkes fan 3 à 4 kursisten. Wikselje ûnderfinings út oer wat der yn de foargeande teory- en praktyklessen leard is en wat dat betsjutte kin foar it takomstich lesjouwerskip. Wat hat de didaktykplieding fan in winterhealjier opsmiten? Wat is weardefol en wat minder weardefol? Mist der ek wat? Wat binne de persoanlike learûnderfinings? Genôch om aanst in eigen kursus oan te doarren? Wat is der nochal yn jo eigen didaktysk hâlden en dragen ferbettere en wat is noch te min ûntwikkele? Plenêre presintaasje.

2. De datum fan it teory-eksamen (almeast yn *juny*, it meast resinte boekje *Ynformaasje foar lesjouwers*) en de gong fan saken op dat eksamen komme op it aljemint.

3. *Fan Bydragen ta de didaktyk [...]* wurdt it (fakdidaktysk) part fan hst. 5 oer ‘Kontrastive analyse en Frysk taalûnderwiis’ troch ien of twa kursisten ynlaat: par. 5.3. oer *syntaksis* (s. 54-58), par. 5.4 (oer *leksikology*) en par. 5.5 (oer *taalnoarm*) (s. 58-64) en neibesprutsen.

4. By it einsluten jouwe wy noch yn stikje ynformaasje oer de teory en praktyk fan mear ‘natuerlike’ wegen om jin in taal eigen te meitsjen: û.o. *breinfreonlike* lessen, ‘Total Physical Response’ (ôfkoarte: TPR) en ‘Suggestopedia’.

5. Fierders soe men neitinke kinne oer it *temperamint* dat in lesjouwer of in kursist hat. Gedrach fan minsken wurdt kleure troch gefoelens en emoasjes en dat kin oantsjut wurde mei it begryp ‘temperamint’. It is in part fan jins enerzjy dêr’t men jinsels en in oar witte lit wat men winliken tinkt fan it ien of oar.

Breinfreonlike lessen

De termen ‘breinfreonlik’ en ‘holistysk learen’ [it holisme rjochtet him op it *gehiel*, it totaal fan alderlei *libbensferskynsels*; dat totaal is mear as de som fan dielen] wurde wol brûkt as synonymen foar in foarm fan learen dy’t sa troch de lesjouwer strukturearre wurdt dat dy sa goed mooglik past by effektive *lichaamlike*, *biologyske* en *emosjonele* aspekten fan it te learen. It brein wurdt troch holistyske teoretisy wol ferlike mei in reinbosk of oerwâld (‘jungle’). Om dêr trochhinne te kommen moat men ûnderskate middels (‘multymedia’) en mear wegen (‘multi-path’) brûke as dat ornaris by formele ynstruksje it gefal is. In *totale* oanpak dus.

Holisten geane derfan út dat de (evolúsjonêre) *driuw ta oerlibjen* yn de minske liedt ta in gefoel dat er in beskaat soarte fan kennis nedich hat. It oaneigenjen dêrfan bart *ynienen*, daliks, op slach en stuit. It wurdt net wier achte dat minsken stadich leare en in bulte werhelling fanneden hawwe. Yn de klasseromte en de lessen moatte dy *middels* (media) en *wegen* (‘paths’) sadwaande werom te finen wêze. Dus mei in protte sintúchlike prikels, lykas platen, biedwurden (‘slogans’) en moaie dingen (blommen). Kursisten meie har eigen sit-/learplak útsykje, yn rûnten of trochinoar. Der moat genôch bewegingsromte wêze. Der moat ek foldwaande ljocht wêze, mar wol sêft.

De lesjouwer begroetet elts hertlik en waarm en neamt yn de doeltaal (by ús it Frysk) eltse kursist by de namme. As de kursisten de klasse ynkomme is der fleurige muzyk, dy’t in gefoel fan fertrouwen en noflikens oproppe moat. As de muzyk út moat, dan dogge de holisten dat stadich, oant op (f)lústerhichte. Muzyk wurdt sjoen as in krêftich emosjoneel medisyn, dat men net ‘ynienen’ ophâlde litte mei.

De deiplenning wurdt rjochte op in spesifyk libbensgebiet: winkeljen, it ‘yn ’e line dûnsjen’ (‘line dancing’), it jaan fan in feestmiel, it beteljen fan in parkearboete. Der mei net tocht wurde oan in grammatikaal doel. It funksjonele gebrûk dêrfan moat te foarskyn komme troch de *kommunikative* oanpak. It doel moat funksjoneel en kommunikatyf wêze (en dus net grammatikaal). De kommunikaasje moat ‘echt’ wêze.

De nije taal (by ús it Frysk) wurdt yntrodusearre troch te praten, plaatsjes sjen te litten en wat om te rinnen. De lesjouwer jout foarm oan de les troch bygelyks (wat) op de muorren/buorden te skriuwen, papier(en) om te partsjen, (foar) te lêzen begelaat troch muzyk. Dêrnei dogge de kursisten aktiviteiten en spultsjes om de doeltaal te oefenjen. Dy aktiviteiten meie net te lang duorje, in pear minuten. Der wurdt fan útgongen dat taalwinning it bêste ferrint as de kursisten oan wat oars tinke as oan de taal sels. De aktiviteiten binne benammen spultsjes mei

sankjes, bewegings en dûns. Dy aktiviteiten feroarje fan karakter: fan yn haadsaak lichaamlike aktiviteiten nei fisuele, nei ferbale en dan werom. De aktiviteiten hâlde rekken mei de learstyl dy't de kursisten it bêste leit. Guon minsken leare it bêste (of kinne allinnich echt leare) troch dingen te *dwaan*, se moatte hannelje. It (allinnich) sjen nei plaatsjes en it (allinnich) harkjen nei it praat fan de lesjouwer helpt har net echt foarút.

Omdat it doel fan al dy aktiviteiten *kommunikaasje* is, meie flaters net direkt korrijearre wurde. Dan soe it idee fan kommunikaasje tefolle geweld oandien wurde en begjint it ûnderwiis wer tefolle te lykjen op in 'gewoane' ûnderwiissituaasje, dêr't de kursist it idee by krije kin dat er it (sometiden, gauris) net sa goed docht. Der wurdt fan útgongen dat de korrekte foarms yn de rin fan de leargong (fansels) wol ûntsteane en dat moat syn tiid krije. It wurdt wichtiger achte dat kursisten in protte taaloanfier krije en positive gefoelens (suksegfoelens) hâlde.

Men mei as lesjouwer dan ek nea in kursist yn it midpunt fan de oandacht sette ('never put anyone on the spot'). As kursisten nei hûs ta geane mei positive gefoelens oangeande de doeltaal en harsels as learders, dan wurket dat (sterk) motivearjend. Dat besef wurdt sjoen as de krêft fan holistyske metoaden (TPR, natuerlike oanpak, suggestopedyske oanpakken; sjoch ek fierderop). Dy freegje allegearre har eigen techniken. Dy kinne it bêste leard wurdt troch der oer te lêzen en dermei 'te eksperimintearjen' yn 'e les mei de kursisten.

Holistyske metoaden kinne faak net fan it iene op it oare stuit tapast wurde; se moatte stap foar stap yntrodusearre wurde. Kursisten moatte der stadichwei oan wenne; alle wiken wat. Dêrby kin tocht wurde oan:

- it dwaan fan spultsjes mei de hiele groep (balspultsjes, kaartspultsjes, bewegings);
- gâns nije aktiviteiten dy't yn groepkes fan twa of trije dien wurde kinne. De lesjouwer beharket yn dy lytse groepkes de taaluterings fan de kursisten en korrijearret allinnich yn sokke (beheinde) situaasjes; nea frontaal foar de hiele klasse/groep;
- aktiviteiten te betinken dy't de rasjonele (ferstanlike, kognitive) kontrôle ferminderje, omdat dy kontrôle de taalwinning remje kin;
- korreksjes dy't allinnich yndirekt jûn wurde binnen de konversaasje en kommunikaasje. As de kursist seit: Ik *lêsde* yn de krante dat ..., dan seit de lesjouwer bygelyks: Dat is nijsgjirrich? Ik *lies* op teletekst dat ... en ik *lies* yn in tydskrift dat ... De learder hat de korrekte foarm (hooplik) dan twaris heard. Yn de rin fan de kursus sil it, sa is de ferwachting, better wurde mei de doetiidsbûging fan 'lêze';
- it ferbetterjen fan de eigen non-ferbale boadskippen troch middel fan lichemstaal, ekspresje, stim;
- it sykjen/meitsjen fan dingen dy't yn de râne fan it learproses fan belang binne: posters, sankjes mei ynformaasje op bekende wizen;
- it sammeljen fan grapkes en ferhaaltsjes om learstof te yllustrearjen en gebrûk te meitsjen fan ritme om as kapstokken te tsjinjen foar it ûnthâld;
- it ophâlden ('stopjen') mei aktiviteiten as dy op har hichtepunt binne en as de kursisten der noch in protte nocht oan hawwe. Lit aktiviteiten net ferrinne; 5 à 7 minuten is langernôch;
- it brûken fan muzyk as in learelemint; muzyk moat der net mar wat by hingje, mar it hert fan de les (mei) foarmje;
- yn it feit dat nei 15 minuten stilsitten it soerstoffgehalte yn it brein (en dus it ferstân) minder wurdt; men moat de kursisten yn beweging hâlde;
- om stapke foar stapke wat mear 'holistyske' learstof te yntrodusearjen; kursisten sille dan mear leare, sa is de ferwachting;
- kursisten dy't inoar mar ienris wyks treffe soene 6 lytse dinkjes te lêzen hawwe moatte om it taalwinningsproses op gong te hâlden. Dat freget om in protte sykjen en tarieden. It biedwurd foar dy lytse 'teksten' is: 'This is a funny story, read it (you don't need to study it) just before you go to sleep' ('dit is in grappich teltsje, lês it foar't jo de eagen ticht dogge').

In mear holistyske oanpak kin derfoar soargje dat de wat mindere learders of kursisten mei net al te folle tiid, motivearre bliuwe en net gau ôfheakje. It kin meihelpe it tal útfallers fan in kursus te beheinen.

It reagearjen mei it hiele lichem: TPR ('Total Physical Response')

Foar kursisten dy't noch net folle fersteane en begripe fan in nije taal dy't se leare moatte, kin de lesjouwer it Amerikaanske prinsipe fan de 'Total Physical Response' (TPR; ferl. James J. Asher, Learning Another Language Through Actions) hantearje. Bygelyks foar Hollânskstaligen dy't krekt yn Fryslân kommen binne te wenjen en de taal noch net fersteane (de taal is foar har suver in frjemde taal). Yn guon Afûk-kursussen (NF-I; yntinsive kursussen) wurdt dat prinsipe troch in inkelde lesjouster, benammen yn it begjin, wol tapast. Yn Nederlân wurdt TPR hast allinnich op grutte skaal tapast by it learen fan NT2. By TPR wurdt de taal letterlik al dwaande leard, troch de 'hjittende foarm' ('gebiedende wijs'). Der wurdt net mei oersettings wurke. TPR is dus allinnich ta te passen by alles wat 'konkreet' is. Njonken de ferbaal-linguistyske yntelliginsje wurdt de lichamlik-kinestetyske yntelliginsje oansprutsen, mar ek de ynterpersoanlike en fisueel-romtlike.

Mooglike lesûnderwerpen foar begjanners mei TPR binne: doeltaal (Frysk) is fiertaal, lichem, lichemsdielen, de deistige rûtime, foarmwurden (persoanlike, besitlike, oanwizende), eigenskipswurden lykas kleuren, ferhâldingswurden fan plak, de wei freegje, tiid (kloksjen, dagen, moannen, tiden fan it jier), getallen, lidwurden, inkel- en meartal, bywurden, bynwurden, fergrutsjende/oertreffende trep.

It prinsipe is troch de Amerikaanske professor Asher ôflaat út de ynteraksje dy't âlden mei har (jonge) bern hawwe. Dat is in soarte fan konversaasje wêrby't de âlder praat en it bern 'anderet' mei lichamlike bewegings dy't fan *betsjutting* (sinfol) binne foar de âlder. As de âlder praat, dan draait it bern him om, sjocht en laket. It bern jout beskje troch de taal fan syn *hiele lichem* ('language-body conversation'). Troch de jierren hinne ûntstiet der troch dy 'konversaasje' in ryk netwurk fan 'lichemstaal'. Sels bern dy't noch net prate kinne, litte troch har lichemsreaksje sjen dat se hiel goed 'begripe' wat der sein wurdt troch de heit of de mem, in suske of bruorke.

It earste dat in bern leart, is om taal te 'ferstean' of te 'begripen'. It is nea oarsom: earst it praten leare en dan it ferstean. It jin oaneigenjen fan taal is dus in rjochtlinich, streekrjocht proses fan begripen nei praten.

Yn it minsklik brein binne foar ferstean en praten rûchwei ferskillende gebieten: it gebiet (sintrum) fan Wernicke (lofterkant, efterste helte fan it brein) foar it *begripen/ferstean*: taalpersepsje) en it gebiet (sintrum) fan Broca (lofterkant, foarste helte fan it brein foar it *praten*: taalproduksje). Der wurdt wol in ferbân lein mei dy sintra troch TPR-teoretisy.

In leargong dy't wurket mei 'total physical response', begjint faak mei acht aparte kommando's rjochte op it *stean, sitten, rinnen, omdraaien, draven, stilhâlden* ('stopjen'), yn 'e hoksen sitten gean (*hûkearzen*) en *springen*. De lesjower noaget twa kursisten út om oan wjerskanten fan him sitten te gean en goed te harkjen nei wat er yn de doeltaal (Frysk) seit (sûnder oersetting). En dan krekt (nei) te dwaan (yn it begjin almeast sûnder taal) wat er foardocht. De lesjower seit yn de doeltaal: 'stean gean' of 'gean mar stean' en giet dan sels stean. Mei syn hannen meneuvelet er nei de kursisten njonken him om itselde te dwaan. By 'sitten gean' giet de lesjower sitten en de beide kursisten dogge itselde. Sa wurde ek begripen as *rinne, stil hâlde, omdraaie*, ensfh. oanleard. Dêrnei meie oare (mear) kursisten út de klasse/groep ek meidwaan.

Mei de acht neamde tiidwurden binne in *ûnbidich* tal kombinaasje te meitsjen, lykas: 'stean gean; gean op de stoel sitten; spring; wiis nei de doar (it finster); rin nei de (kuol)kast; gean (rin) nei de (kuol)kast en doch him ticht (iepen), doch de doar iepen (ticht) (en freegje: 'Wa is dêr?'); (rin nei de molke en) pak de molke; gean nei de tafel; set de molke op 'e tafel; gean stean en rin nei it boerd en pak de buordewisker; rin nei it boerd en skriuw dêr dyn namme op en ûnder dyn namme skriuwsto myn namme; as ik nei de tafel rin en in stikje papier pak, dan rinsto nei de kast om de biezem te heljen'. Op it lêst kinne de kursisten sels ek nije kombinaasjes mei kommando's betinke.

De oanpak kin ta gâns nocht en wille by de kursisten liede. It liket, mei al dy bewegings en aksjes, op it earste gesicht net al te serieus, mar dat is mar skyn. De oanpak wurket ûntspannend (der is gjin 'stress') by it learen en dat is wichtich foar it jin eigen meitsjen (learproses) fan dingen (taal). Der ûntstiet gjin gefoel by de kursist dat er it net kin. De taal wurdt streekrjocht, flot en goed opslein yn it ûnthâld. Nei in tal lessen (yn alle gefallen nei sa'n 20 oeren TPR) besiket eltse kursist dy't earder neat fan de doeltaal koe, om te praten, ek al is it mar in bytsje.

De TPR is dus in prinsipe dat rjochte is op it folgjen fan de natuerlike taalwinning: earst de doeltaal *ferstean* en dan de doeltaal *prate*. It giet de wei fan ienfâldige 'kommando's' nei nochal yngewikkelde 'befellen' mei in drege(re) grammatika (taalregels) en wurdskat. It taallearen mei help fan de formele grammatika (spraaklear) komt pas oan de oarder as de doeltaal al oaneigene is, lykas dat by bern ek it gefal is. Dy leare earst de memmetaal (te ferstean en te praten) en wurde pas letter konfrontearre mei grammatika. It te gau en hastich jaan fan taalregels (grammatika) yn it begjin fan de taalwinning wurdt net as echt effektyf sjoen. Dat kin der sels ta liede dat it ferstean en praten minder flot ferrint. Taalregels wurde sadwaande pas jûn as kursisten der echt stipe fan hawwe.

Kursisten dy't les hân hawwe neffens it prinsipe fan de TPR, kinne wurden en struktueren ornaris effektiver (sûnder wijkjen) 'oproppe' (om dy yn har kommunikaasje te brûken) as kursisten dy't mear tradisjoneel les hân hawwe. Lesjouwers dy't it prinsipe tapasse wolle, kinne it bêste earst efkes oefenje mei famylje, kunde of bern. It freget om in hiele goede tarieding. Lesjouwers moatte har kursisten net opjeie mei tefolle 'kommando's': kalm oan is de bêste oanpak.

It is goed mooglik om eleminten fan de TPR te mingjen mei oare oanpakken en metoaden (ferlykje de oanpak fan Afûk-lesjouster Wike Fennema).

It *praten* ûntstiet troch ‘rolwikseling’ nei sa’n 10 à 20 oeren TPR-ynstruksje. Dan freget de lesjouwer oft de kursisten ree binne om de *rol fan lesjouwer* op har te nimmen en opdrachten (‘kommando’s’) te jaan om it gedrach fan de oare studinten en de ‘echte’ lesjouwer te stjoeren. Om de taalproduksje te stimulearjen (rjochte op it praten, lêzen en skriuwen) wurdt de technyk fan it *ferhaaltsjefertellen* brûkt. Der kursisten brûke dan in learboek, dêr’t se nei *harkje* en dat se *besjogge* wylst de lesjouwer dêr in yllustrearre ferhaal út yn de doeltaal fertelt (mei in fertroude wurdskat). Dan wurdt oan alle kursisten frege *om it ferhaal yn eigen wurden op ’en nij te fertellen*. Hiel gau, ferhaaltsje nei ferhaaltsje, fernimme de kursisten ta harren ferwûndering dat se harsels uterje kinne mei praten, lêzen en (wat) skriuwen.

It sukses fan TRP wurdt wol ferklearre troch nei de wurking fan it brein te sjen. De measte kursisten ferwurkje, sa is de foarûnderstelling, ynformaasje (learstof) ek oan de rjochterkant fan har brein. De ‘skoalle’, sa’t dy trochstrings funksjonearret, docht benammen in berop op de *lofter* helte en jout dus te min (iensidige) learûnderfinings. Der moat yn it programma sadwaande ek oerskeakele wurde kinne op de rjochter harsenhelte (‘brainswitching’). Kursisten dy’t muoite hawwe mei ‘skoalske’ kennis dy’t benammen in berop docht op de lofter harsenhelte, blinke út yn taalklassen dêr’t TRP tapast wurdt. Se binne dan likegoed as de skrandere kursisten.

Breinswitsjûnderwiisstratêzjyen hawwe noch in foardiel yn learsettings dy’t net folle mooglikheden jouwe ta lichaaamlke en psychyske beweging (op ’e stoel sitten bliuwe, by de les bliuwe en sa min mooglik bewege). Dat tradisjonele ramt wurdt loslitten. De romte wurdt grutter makke en jout minder beheiningen. Kursisten bewege en brûke har lichem om te antwurdzjen op de oanwizings dy’t jûn wurde yn de doeltaal (by ús: Frysk). Der is daliks sukses en in oan ien tried wei (trochgeand) oppnimmen fan de doeltaal.

Faak geane kursisten nei de les gewoan troch om mei de doeltaal te boartsjen en har nei inoar ta te uterjen: Jou my de bal; Hjir komme; Smyt my de bal mar ta, Jantsje; Gean dêr mar stean; Rin trije stappen nei foaren; Doch de earms sa omheech om de bal te kearen; Spring wat heger ...’ Wylst men beweecht, leart men de oare taal. Dat kin net allinnich by gymnastykeftige aktiviteiten, mar ek by oare hannelings, lykas itensieden.

TPRS

TPRS stiet foar *Total Proficiency through Reading and Storytelling* en is ûntwikkele troch Blaine Ray, oarspronklik as oanfolling op TPR. It is hjoed de dei in folslein ûnôfhinklike metoade wurden, wêrby’t men fakentiids allinnich yn it begjin noch TPR brûkt om fluch in gruttere wurdskat te learen. De wichtichste pylders fan TPRS binne *Comprehensible Input* (CI; in begryplike ynfier fan taal) en *Personalized Questions and Answers* (PQA; op de persoan rjochte fragen en antwurden). De Comprehensible Input ferrint troch it op it boerd skriuwen fan de nije wurden en de oersettings derfan (struktuieren); de struktueren wurde oantsjut, lit men hearre en sjen, bgl. troch it *útspyljen* fan ûnderdielen fan in ferhaal. In ferhaal ûntstiet almeast spontaan yn de klasse troch de ‘ferpersoanlike’ fragen dy’t de lesjouwer stelt. De kursisten wurde de helden fan it ferhaal en troch har orizjinele antwurden yn de doeltaal wurdt it ferhaal opboud. As se beskate wurden net kenne yn de doeltaal, dan wurde dy fuortdaliks oersetten yn de doeltaal en op it boerd skreaun. Kursisten wolle ornaris graach witten hoe’t it ferhaal fierder giet, omdat se almeast sels meidogge. De fragen wurde steld troch ‘circling’ (‘omgean’). Earst wurdt der wat ‘steld’ en dan wurde dêr wer fragen oer steld. Bgl.: *hy is in man*. De kursisten reagearje bgl. mei ‘ooh’ of se ‘himme, brimje’. Dan: *Is hy [er] in man? – ja. Is hy [er] in man of in frou? – (Hy is) in man*. En sa wurde de hieltiten mear stikjes oan it ‘ferhaal’ taheakke, dy’t ynslipe wurde troch aloan mar wer fragen te stellen oer alle haaddielen fan in sin. Ien of mear lessen letter wurdt der mei de brûkte wurden in ferhaal(tsje) lêzen en sels ek skreaun. Alle feardichheden komme sa oan bod.

Verb Wall

In oare, oanfoljende oanpak is de *Verb Wall* (tiidwurdemuorre) fan Pamela Kaatz. Se hat in kleuresysteem ûntwikkele om de tiidwurdfarms fluch oan te learen, sûnder dat men rychjes stampe hoecht, dy’t dochs gjin sin hawwe om de taal floeiend prate te kinnen. Rychjes dy’t deryn stampje binne, moatte út in oar ûnthâld ophelle wurde en dan stûket it praat en wurdt de spraak ‘ûnnatuerlik’. Yn de Verb Wall hat eltse *persoansfoarm* syn eigen kleur. Sadwaande kinne de ferskillende tiden en foarms maklik sichtber makke wurde. Fisualisearing is in middel om flugger en effisjinter te learen. Boppedat docht men in berop op in oare soarte fan yntelliginsje.

Noch wer in oare soarte beweging yn de les komt ta stân troch de smaakpapillen. Alle wiken priuwe de kursisten wer wat nijs. Dat kin te krijen hawwe mei in feest of mei in pleatslike of regionale lekkernij. Op dy foet kin men

wat oer Fryslân, de Friezen en har gewoanten leare. Dy gewoanten binne ek te finen yn ferskes (lietsjes), gedichtsjes, leginden, resepten, films en yn oare kulturele uterings.

Sa wurde alle sintugen en yntelliginsjes fan Howard Gardner (mar efkes oanklikke op 'google'), bgl. de: ferbaal-linguistyske, logysk-matematyske, fisueel-romtlike, muzikaal-ritmyske, lichaaamlik-kinestetyske, ynterpersoanlike, yntrapersoanlike en de op de natoer rjochte yntelliginsje, oansprutsen en dus de hiele minske yn beweging setten. Dat kin mear learnocht en in hegere learopbringst jaan.

Suggestopedia

De meast radikale oanpak by it taallearen is grif 'suggestopedia', dy't ûntstien is yn it lêst fan de santiger jierren yn Bulgarije en dy't troch de oanhingers dêrfan oantsjut wurdt as in foarm fan 'superlearen'. Yn it midpunt fan dy oanpak stiet de Bulgaarske psychoterapeut *Georgi Lozanov*, dy't (taal)eksperiminten die mei it minsklik *ûnthâld*. Hy ûntwikkele in gearhingjende ûnderwiismetoade dy't er 'suggestopedia' neamt en dy't de 'grutte' fermogens fan it minsklik brein ûntslute wol troch de krêft fan **positive suggestje**. Syn oanpak giet út fan de Ingelske siswize: 'If you believe you **can** you 're probably right; and if you believe you **can't** you 're also probably right.' Hy sjocht de geastlike hâlding ('mental attitude') as it mêd dêr't de taalslach wûn wurde moat en net it jin rjochtsjen op grammatikale tiidsfoarmen.

Lozanov hie by syn eksperiminten yn Sofia fernommen dat learders deselde (lear)stof hieltiten mar wer oerseagen en der dochs neat fan ûntholden en dat se har dy ek net sûnder ynspanning en op elts stuit te binnen bringe koene. Hy skreau dat ta oan de (*negative*) ynstelling of hâlding (attitude) fan de kursisten foar de *learstof* en foar *harsels* as minsken en learders oer. As der lykwols op in ferstannige wize in plezierich, folslein net-bedriigjend en ûntspannend learfermidden makke wurdt dat sterk stimulearjend is, dan meitsje de kursisten yn har brein in ferbining (assosjaasje) tusken dy noflikke ûnderfinings en it learen fan wat nijs. Kursisten begjinne yn harsels te leauwen, stelle har ferwachtings nei boppen ta by. Dy (*hegere*) *ferwachtings* meie nea oantaast wurde troch de lesjouwer, bygelyks troch it daliks ferbetterjen fan flaters.

By Lozanov syn opfettings heart ek it belang dat er taktent oan it *perifeare* (ûndergeskikte, marzjinale), ûnbewuste learen. Krekt as wie learen in râneferskynsel, in byprodukt, dat 'fansels' ta stân komt. Lozanov ûntdiek dat ynformaasje as râneferskynsel gauris better opnommen waard as wannear't men jin tige konsintrearre op learstof. Hy neamde dat 'learen mei in dûbelde laach' ('double planeness'): it besef dat der op syn minst twa dingen tagelyk oan 'e gong binne. Eat oan de oerflakte en eat dat him djipper en ûnbewust ôfspilet.

Syn wurkwize (stratezjy) is rjochte op it oanbringen fan positive ideeën en it leauwen oan 'ûnbeheinde' yntellektuele mooglikheden fan de minske. De wurkwize wol ôfreakkenje mei it stimke yn de minske dat seit: 'Do kinst it net ..., it is te slim ..., weagje it mar net ...', ensfh. In *suggestopedysk* klasselokaal hinget dan ek fol mei posters, opropen en útspraken dy't bemoedigje. Suggestopedia soarget derfoar dat minsken oars by harsels op begjinne te sjen en oars (better) oer harsels begjinne te tinken.

Sa gau't de kursist yn it lokaal komt, moat er in *oare (nije) namme* kieze. Dat soe bygelyks in echte Fryske namme wêze kinne foar in net-Fries (of in Italjaanske foar in Bulgaar). Dy persoan wurdt dan 'Fries' foar de rest fan de leargong. Alles wat oan skoalle tinken docht moat fuort: tafels yn rychjes, skoalbuorden, ensfh. Dat komt omdat in grut part fan Lozanov syn kursisten earder minne ûnderfinings opdien hiene mei skoalle. En sadwaande assosjaasjes hiene mei: mislearjen, sakjen, it net kinnen, ensfh. Dêr moatte dus earst positive gefoelens foar yn it plak komme. Yn syn ideaal klasselokaal stiet in rûnte fan sêfte stuollen of lizze kessens oer de flier. Der hingje platen oan de muorre, der steane blommen, der is muzyk en sêft ljocht.

De kursist leart him op in sympatike wize te identifisearjen mei bgl. Fryslân: hy wurdt 'Fries' (by it learen fan Italjaansk wurdt er fansels 'Italjaan'). Dan wurdt it fanselssprekkend, natuerlik, dat er ek besiket om yn de doeltaal te praten. It is nei dy 'identiteitswikel' syn nije Fryske 'identiteit' dy't de flaters makket en net de kursist as 'persoan' (as net-Fries)!

Lozanov siket de nammen foar syn kursisten mei soarch út; alle *lûden* en *bylûden* fan de doeltaal komme deryn foar. Dy wurde hûnderten kearen yn de kursus brûkt sûnder dat de kursisten der erch yn hawwe. Mar se nimme sa wol ûngemurken al dy lûden en bylûden op. De bedoeling dêrfan mei net 'bewust' makke wurde, want dat ropt wer oantinkens op oan 'slim', 'lestich', 'dreech', 'ferfelend', 'frustrearjend'.

Kursisten sitte yn in rûnte en de lesjouwer rint fan de iene nei de oare om elts in tekst te jaan. Hy docht dat mei soarch en op in betochtsume wize, krekt as wie dy tekst fan grutte wearde. Dy tekst is it earste bedriuw fan in

toanielstik of haadstik fan in ferhaal, dat brûkt wurdt salang oft de kursus duorret. De personaazjes yn it ferhaal hawwe deselde nije nammen as de kursisten. De ferhalen moatte fleurich en optimistysk wêze, mei in protte positive ideeën en treflik fan taal. Dy teksten binne:

- *folslein dûbeltalich*. Learders witte altiten wat se lêze of leare. Ut 'e eachhoeken wei wurdt de oersetting oanienwei ôftaast.

- *tige lang*. Fakentiids 10 siden of mear. Lange teksten jouwe net it gefoel dat se lestich binne. Lozanov hie murken dat wat mear tekst oft de learders krigen om te lêzen, wat mear oft se feitlik learden.

- *gjin ferskillende grammatikale nivo's*. De taal yn it earste 'bedriuw' is net mear en net minder yngewikkeld as yn it lêste. De taalproblemen wurde goed spraat oer de haadstikken. Op praktysk nivo jout in tekst fan de earste dei ôf echt brûkbere taal. Op in ferhoalen wize merk bite de kursisten dat de kursus net slimmer wurdt yn de rin fan de tiid. Se lêze frij lang en faak 'blomrike' taal, ek yn de tekst fan de earste dei. Dat blykt goed foar it selsfertrouwen te wêzen, omdat sok taalgebrûk (sokke wurden) as in soarte fan 'maskotte' yn de groep funksjonearret en hieltiten wer opdûkt.

De kursus wurdt tige strukturearre oanbean. De measte suggestopedyske taalkursussen foar folwoeksenen binne spraat oer fjouwer of fiif wike, 5 dagen wyks, trije en in heal oere deis. De learstof is op in gearhingjende, konsekwinte wize bewurke:

1. Foarst wurdt de tekst *lûdop* lêzen troch de lesjouwer mei klassike muzyk op de eftergrûn. Dan wurdt de tekst 'dekodearre' ('ûntsfere') mei help fan de lesjouwer dy't him tige ynspant om lytse kapstokjes te jaan foar it ûnthâlden. Oan dy (ûnthâld)heakjes kinne de kursisten nije learstof (taal, grammatikale omtinkpunten) ophingje, bgl. oan grapkes, wurdboarterijkes, grappige ferhaaltsjes, sterke ferhalen, sankjes en sa mear. Sterke ferhalen bliuwe o sa lang hingjen.

2. Dêrnei komme de kursisten yn in *aktivearringsfaze*. Yn dy faze moatte se de krekte foarmen út it 'bedriuw' (bgl. út in toanielstikje) of 'haadstik' oefenje, almeast troch frij koarte spultsjes of aktiviteiten dêr't in protte lichemsbeweging mei anneks is.

3. Nei in skoftke komme de kursisten yn in *oanpassings- of bewurkingsfaze*, wêryn't se frijer wurde om mei taal te eksperimentearjen. Sankjes, rûntedûnsen en spultsjes spylje no in grutte rol.

4. Op it lêst wurdt de *tekst op 'en nij lêzen* mei muzyk op de eftergrûn; diskear muzyk mei tige stadige, barokke (dramatyske), brede bewegings. Dat wurket plezierich. Mar it hat ek it foardiel dat it brein tige ûntspand rekket. Dat wurket dan as in spûns en kin alle nije learstof folle flugger opnimme as wannear't in brein op syn 'iepenst' is, op skerp stiet.

5. Dêrnei wurdt de *tekst foar it op bêd gean jitris lêzen* om it ûnbewuste syn wurk dwaan te litten as men sliept. Dat kin neffens de suggestopedyske opfetting de learprestaasjes allinnich al tige ferbetterje.

6. Grammatikalessen krije har plak *nei't* it taalgebrûk korrekt oaneigene is en net earder! Wat dat oanbelanget folget suggestopedia de regels fan it learen fan de memmetaal, dus dy fan de *natuerlike* wei (taalwinnen).

De lesjouwer, de kursist en syn/har temperamint

By it temperamint fan minsken kin men fjouwer aspekten ûnderskiede en dêr passe ek wer fjouwer 'útspraken' by:

1. 'It giet hjir op myn betingsten ...'
2. 'Wy kinne der mei-inoar oer prate ...'
3. 'Sis it mar, mei my kinst alle kanten út ...'
4. 'Men kin gjin izer mei hannen brekke ...'

Guon minsken 'besitte' alle fjouwer aspekten en kinne fluch omskeakelje fan: (1) in sterke oandriuw, nei (2) iepen, nei (3) fleksibel, nei (4) kalm/rêstich. Dêr kin men *byldspraak* mei help fan de eleminten (1) *fjoer*, (2) *wetter*, (3) *lucht* en (4) *grûn/ierde* op tapasse. It *fjoer* kin ek mei jin op 'e rin gean ('gau lulk wêze'). Dat is ek it gefal mei *wetter* ('benaud wêze te fersûpen, ûnder te gean yn it eigen tinken en fielen'), ensfh. Guon 'hawwe' wol *fjoer* en *wetter* of *lucht* en *grûn*, mar litte dat wer net sjen. Soms kin dat ynienen ta in útbarsting komme: driftich (bgl. 'poerrazend' wurde. It *fjoer* is der wol, mar it is 'berekke', it baarnt mar selden. De hertstochten sitte dan noch berutsen ûnder it ferstân, as wiene se geheim.

Jins temperamint is in part fan jins *enerzjy*. Dêrmei kin men korrizjearje wat jin net befalt yn it gedrach foar de oar of fan jinsels. Men kin der ek mei stimulearje wat jin wol befalt. Hokfoar stekwurden passe by de fjouwer temperaminten?

- (1) *Fjoer*: fûleindich, direkt, dúdlik – krêftich, striidber, konfrontearjend – entûsjast, stimulearjend, oertsjûgjend. Sintraal idee: ‘It giet hjir op myn betingsten ...’
- (2) *Wetter*: ûnwis, ûntfanklik, kwetsber – sekuer, persoanlik, ynlibjend – iepen, wiidweidich, beskôgjend. Sintraal idee: ‘Wy kinne it der mei-inoar oer hawwe ...’
- (3) *Lucht*: fleurich, soargeleas, handich – sjocht alternativen, relativearjend, ûntspand – snoad, taktysk, beweechlik. Sintraal idee: ‘Sis it mar ... Mei my kinst alle kanten op ...’
- (4) *Grûn/ierde*: kalm, nofteren, saaklik – evenredich, ûnfersteurber, neutraal – praktysk, rjochte op feiten. Sintraal idee: ‘Men kin gjin izer mei hannen brekken ...’

Guon lju kinne by harsels alle fjouwer temperaminten aardich lykmjittich oanboarje en kinne fluch wikselje fan elemint. Guon hawwe in elemint dat de foarkar hat, op it foarste plak stiet, de *boppetoan* fiert. In typysk wettertype kin goed (be)skôgje, (be)spiegelje, himsels iepen stelle. Guon minsken hawwe twa boppetoanen. In boppetoan liedt allinnich ta sukses as er harkje kin nei de trije oare eleminten, oars rekket er op 'e drift. Men moat se dus leare te sjen by jinsels en by in oar, privee en op it wurk. Men moat leare om de utersten (ekstremen) te behearskjen troch it ‘folume’ of de ‘krêft’ fan de boppetoan(en) te kontrolearjen en ôf te stimmen op persoan en situaasje. En as it misgiet, moat men de *drompel* ûndersykje dy't jin behinderet om jin ûntskuldiging(s) oan te bieden as it misgien is.

By it oplossen fan problemen spanne de eleminten fjoer en wetter harren, elts op eigen wize, tige yn om swierrichheden op te lossen: It *fjoer*type hâldt fan oanpakken, it freget net, mar hannelet. It giet de striid oan. It twivelet net: ‘It giet sa't ik it wol’, is it boadskip. Mei sa'n ynstelling kin men pún opropme.

It *wetter*type kin swierrichheden ek goed de baas, mar docht it oars. It praat en harket. Der is twarjochtingsferkear. Der wurdt nei inoar harke en mei-inoar nei in oplossing socht.

It bêste is dat men *wetter* en *fjoer* ôfwikselje kin om ta in goede oplossing te kommen. Is it net mooglik om de problemen op te lossen, dan moat men leare om de situaasje te hantearjen. *Lucht* en *grûn* dogge dat op harren eigen wize. *Lucht* siket ljochtpuntsjes om der noch wat fan te meitsjen, want ‘Elk nadeel heeft zijn voordeel’ (Johan Cruijff). *Grûn* sjocht nei de feiten en sil in baarnende kwestje kalm hifkje: ‘Net alles is op te lossen. Dizze kwestje faaks wol, mar no net en ek net troch my. Dat kin ik net en dan besykje ik it ek net. Men moat net dwaan wat men net kin. Dat har gjin doel.’ Izer falt mei hannen net te brekken en de *grûn/ierde* wit dat.

- As men it *fjoer* yn ien mist, dan mist men entûsjasme, ynspanning, oertsjûging, trochsettingsfermogen, motivaasje, kriich. Dat bliuwt dan in *enerzjygeheim*.
- As men ien treft mei in *wettergeheim* dan mist men de ferhalen, de belibbing, de oandwaning. Men mist ek de besinning.
- By in *luchtgeheim* is der gjin relativearring, ûntspanning, humor, it fermogen om mei kreative oplossings te kommen.
- By in *ierdegeheim* is der gjin rêst, nofterens, taakopfetting.

Wa't in ‘enerzjygeheim’ ûntwikkelet, funksjonearret op basis fan trijekwart fan syn oarspronklike oanlis, sa wurdt wol ornearre. As de omstannichheden dreech wurde, kin men dus earder fêstrinne. Bygelyks yn it ûnderwiis en by it lesjaan. Ien mei in *fjoergeheim* moat dus leare te ‘skoaren’, suksessen te heljen. In lesjouwer en in kursist moat dus mooglikheden krije om te skoaren. Ien mei in *wettergeheim* moat syn ferhaal dwaan kinne, safolle mooglik it wurd krije. Dat freget om it skeppen fan it goede klimaat dêrfoar. Lit ien wenne oan in kultuer fan praten en harkje. En wês sels iepen. Ien mei in *luchtgeheim* moat yn steat steld wurde om te relativearjen, te ûntspannen, te genietsjen. Help de oar om it krampeftich fêsthâlden oan taboes en hillige húskes los te litten. Strangens en krampeftigens dy't lykop geane mei in relativearringsprobleem, hawwe oanstriid en ferkring de libbenskwaliteit dy't heart by ûntspanning en it lokkich wêzen. Set ien mei in *ierdegeheim* mei de fuotten op de *grûn* troch him freonlik opdrachten oan te bieden dy't ienfâldich en konkreet binne. Dy opdrachten moatte hjir-en-no út te fieren wêze. En jou dêrnei in kompliment. Lit de oare efkes yn alle rêst tefreden genietsje. Jou dan op 'en nij in koarte, konkrete opdracht. En slút altiten wer ôf mei earlike belangstelling en in kompliment.

Didaktykkursisten, dy't lesjouwer wurde wolle en ek twa kear praktyk-eksamen dien hawwe, fertsjinje sa'n kompliment. By dizzen dan!!! Nei it heljen fan it teory-eksamen (juni) kinne se ‘echt’ lesjouwer wurde yn it Frysk. It kin foar har lesjaan fan belang wêze ris nei te gean hoe't it sit mei harren temperamint. Kinne se alle eleminten tapasse as dat needsaaklik is, of is der hjir en dêr noch in *enerzjygeheim*? En kin dêr noch wat oan dien wurde? Jins sukses as lesjouwer kin der letter (mei) fan ôfhingje.

Húswurk/aktiviteiten foar de tiid oan it teory-eksamen ta

1. Meitsje de kommende tiid sa gau mooglik de skôgings dêr't noch gjin wurk fan makke is (totaal 7, ynklusyf in geakunde), klear en stjoer dy op (mei slúf mei eigen adres en porto of oer de e-post) nei de lesjouwer foar it didaktysk foech. Dy komme dan mei (eventuele) opmerkings sa gau mooglik werom.

2. Meitsje ôfspraken mei-inoar (mei oare kursisten) oer it trajekt dat noch ôflein wurde moat nei it teory-eksamen ta (bgl. foar it werheljen en it inoar oerhearren fan learstof) en gean nei wat der yn it teorymapke (dossier foar it teory-eksamen) moat. Sjoch foar de yndieling en de ôfspraken de opmerkings yn de foarige les (les 9).

Soargje derfoar dat de mapkes (dossiers) op 'e tiid by de Afûk binne, dat de eksaminators dy noch goed trochnimme kinne.

Hâld kontakt mei-inoar, ek nei it teory-eksamen as de earste eigen kursus yn in nije kursuszjier jûn wurde mei. Bygelyks yn de foarm fan in kwaliteitsrûntsje, in netwurkje om inoar te helpen, ideeën troch te nimmen of oplossings foar problemen ta te rieden (*kollegiale konsultaasje* wurdt soks wol mei in moai wurd neamd)! Ynternet (*e-post, e-learning*) is (wurdt) grif in prachtich helpmiddel foar yn de ienentweintichste ieu.

Wat fierder op it aljemint komt en (foarriedich) ôfskie

Sukses tawinske en oant sjen (op it eksamen of letter)!